


23-4-'99

'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

COLOFON

IT SKIEPPESTURTSJE

23-e jrg. Nûmer 4, desimber 1999

't Skieppesturtsje is de doarpskrante fan Tsjerkwert en omkriten. Dizze krante wurdt hûs oan hûs besoege troch de redaksje of oare frijwilligers. De krante kin bestean troch frijwillige bydragen fan de lêzers.

Redaksje-adres:

J.W. Nota
Waltawei 39
8765 LN Tsjerkwert

Redaksje:


Tea Huitema
Sylroede 17 (til. 0515-579595)
Trudy Witteveen
Beabuorren 1 (til. 0515-572549)
Joop Nota
Waltawei 39 (til. 0515-579499)
Gerben Wijnja
Waltawei 53 (til. 0515-579348)
Henk van der Zee
Waltawei 31 (til. 0515-579768)

Typewurk:

Gjettje Dijkstra-Van der Veen,
Gerben Wijnja

Stinsitwurk:

Henk van der Zee



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

Untwerp omslach:

Albert van Lingen Jr., Wergea

Bankrelaasje:

Rabobank Boalsert
gironûmer fan de bank: 85.68.29
Rekeningnûmer: 3087.56.800

Bydragen kinne oermakke wurde mei fermelding fan

“bydrage 't Skieppesturtsje” en it jier dêr't it betrekking op hat.



Voorwoord van de redactie



Beste mensen van Tjerkwerd en omgeving.

28 nov. 1999

Voor u ligt alweer het laatste Skieppesturtsje van dit jaar en van deze eeuw. We gaan op naar het jaar 2000 en zoals het nu lijkt met een prachtige herfst. Vandaag zondag 28 november 1999 met een temperatuur van 10 graden overdag. We mogen zo wie zo niet mopperen, want we hebben ook een mooie zomer gehad.

Het jaar 1999 wordt dus, wat de weergoden betreft, positief afgesloten.

Voor sommigen onder u is het misschien een jaar geweest met heel veel goede en positieve punten voor anderen een jaar van tegenspoed en/of verdriet en teleurstellingen.

Toch gaan we met z'n allen proberen om er in de nieuwe eeuw, een goed begin van te maken en er met frisse moed tegenaan te gaan.

Simmer 2000, de commissie voor het grote zomer-feest in het jaar 2000, zijn dit jaar, al vanaf mei, druk aan het vergaderen om er een geweldig feest van te maken. We wensen hun heel veel succes(en sponsors)om het tot een goede afloop te brengen en tot slot een grandioos feest.

Hebt u uw enquête van dorpsbelang al ingevuld? Dit is voor u zelf en het hele dorp echt belangrijk. Misschien krijgen we dan op den duur een nog mooier en leefbaarder dorp.

In het Waltahûs hebben we het dit jaar ook weer erg druk gehad. Dankzij onze groep vrijwilligers, is het dit jaar allemaal prima verlopen en hebben wij als stichting een geweldige steun aan jullie gehad. Hiervoor onze dank en in januari hebben we weer een avond voor al deze mensen die ons dorpshuis helpen in stand te houden.

Op 1 januari wordt de Skieppesturt weer uitgereikt aan diegene, die zich het afgelopen jaar het meest voor het dorp heeft ingezet. Dus komt dan allen naar het Waltahûs en feliciteer deze man of vrouw of wie dan ook maar met dit feit.

Dat was het dan eerst weer van mijn kant. Heel veel leesplezier, een goede Sinterklaas en hele gezellige kerst- en nieuwjaarsdagen gewenst.

Trudy Witteveen - Hettema.



Utnoeging Krystfeest



UTNOEGING FOAR ELTSENIEN OM IT BERNE KRYSTFEEST
BY TE WENJEN.

SNEON 1^E KRYSTDEI OM 7 OERE DE JUNS YN 'E TSJERKE
FAN TSJERKWERT.

IT IS FOAR EN TROCH DE BERN, EN HEITEN EN MEMMEN,
PAKE'S, BEPPE'S, ELTSENIEN IS WOLKOM.

NEI OFRIN KINNE JO IN BYDRAGE JAAN FOAR DE UNKOSTEN.

OANT 25 DESIMBER OM 7 OERE.



Jubileum Dorpsbelang Tjerkwerd e.o.



50-jarig jubileum dorpsbelang Tjerkwerd e.o.

Anneke Feenstra heet zo'n tachtig leden welkom en blikt terug in de geschiedenis van de vereniging van dorpsbelang. Vroeger moest je een respectabele leeftijd hebben om tot e bestuur toe te treden maar tegenwoordig is dat wel anders, aldus onze voorzitter. Een v de oprichters van dorpsbelang, de heer G. Damsma, heeft een prachtige brief geschreve maar liet zich helaas verontschuldigen.

Daarna geeft Anneke het woord aan het advocatenduo, Hans en Willem Anker. Hans en Willem Anker zijn eenenige tweelingbroers en doen veel hetzelfde. Soms krijgen ze de kritiek dat ze er alles aan doen om de verwarring over wie wie is in stand te houden. Onterecht volgens beide heren.

Hans en Willem zijn strafpleiters die ondermeer de zaak behartigden van Hans van Z. en Ferdi E. Hans van Z., in de jaren zestig veroordeeld wegens seriemoord en Ferdi E., de ontvoerder en moordenaar van Gerrit-Jan Heijn. Daarnaast stonden zij Marjan van der E bij, bij wie in de tuin van haar pension te Anjum twee lijken werden gevonden. Opzien baarden zij met hun verdediging van het hoofdbestuur van CP'86. Tegelijkertijd behartig ze de belangen van een neo-nazi uit Bolsward. Vier dagen en nachten werd hun kantoor belaagd: een baksteen door de dubbele beglazing, de muren bekaakt, etcetera. Volgens Ankers niet zo leuk, maar de principes zijn bij hun keihard. Zij wijken niet, ook niet voor terreur! Zolang de bedreigingen niet in het persoonlijk leven ingrijpen, kunnen zij de hum er nog wel van inzien.

Zaken waarbij vrienden of familie betrokken zijn weigeren ze, maar verder is iedereen welkom en laten zich niet leiden door geld! Zij huldigen het principe dat cliënten die in aanmerking komen voor gefinancierde rechtsbijstand, op hun hulp kunnen rekenen. Hun praktijk bestaat voor tussen de vijftig en zeventig procent uit pro-Deozaken. Zij verdedigen de rechten van de verdachte en: "een crimineel is ook een mens".

Na afloop van hun zeer interessante uiteenzetting over het strafrecht barstten zij uit in het zingen van Zeg, kleine ree, een van hun smartlappenrepertoire. Yde kreeg voor zijn optreden als "kleine ree" van Hans en Willem een bos bloemen, die zij eerder op de avond hadden gekregen uit handen van de voorzitter. Beide heren, goed voorzien van Beerenburg, lieten zich na afloop afvoeren door hun auto met chauffeur.

Na afloop konden de aanwezigen de oude notulen bekijken die op perfecte wijze door Anne de Vries waren neergezet. Al met al een zeer geslaagde avond en degene die om wat voor reden niet konden, hebben heel wat gemist!

Mededelingen Dorpsbelang Tjerkwerd e.o.

Het bestuur van dorpsbelang Tjerkwerd e.o. ziet er na de algemene ledenvergadering van 26 oktober 1999 als volgt uit:

- Anneke Feenstra	voorzitter	Bolswarderweg 1/A	Tel: 57 73 70
- Wieko Hekkema	secretaris	Sylroede 16	Tel: 57 98 98
- Anna Gietema	penningmeester	Hemdijk 1	Tel: 57 91 56
- Gjetje Dijkstra	lid	Waltaweg 7	Tel: 57 97 73
- Bertus Walsma	lid	Eemswouderlaan 5	Tel: 57 26 18
- Anne de Vries	lid	Singel 10	Tel: 57 94 80
- Jelle Feenstra	lid	Jousterperweg 6	Tel: 57 96 26

In de Skieppesturt van oktober jl. hebben wij u geïnformeerd over de brieven die aan de gemeente zijn verstuurd over:

- het geplaatst krijgen van verkeersborden voor overstekende kinderen op de Waltaweg;
- overlast hondenpoep fietspad Tjerkwerd-Ymswoude;
- plaatsing lichtmast Hemdijk tegenover betonweg naar Jonkershuizen.

Op deze brieven heeft de gemeente inmiddels gereageerd.

Verkeersborden Waltaweg: verkeersborden worden in principe geplaatst wanneer er een officiële oversteek gemaakt moet worden van bijvoorbeeld de ene wijk naar de andere wijk. Wel zullen er op korte termijn metingen verricht worden op de verkeersaantallen en snelheid. Daarnaast zal er door de gemeente een verkeerskundig bureau worden ingeschakeld om te kijken hoe het verkeer ontmoedigd kan worden om een andere route te kiezen. Dit houdt verband met het waarschijnlijk instellen van een 30-kilometer zone in de gehele gemeente Wûnseradiel in het jaar 2000 en 2001.

Overlast hondenpoep fietspad: de gemeente Wânseradiel heeft (nog) geen beleid met betrekking tot overlast van hondenpoep. Bij deze wil het bestuur van dorpsbelang de hondenbezitters er nogmaals op wijzen dat dit een verantwoordelijkheid van de bezitter van de hond is. Verzoek: ruim het alstublieft op zodat anderen er geen last van ondervinden!

Plaatsing lichtmast Hemdijk: plaatsing van de lichtmast is dit jaar financieel niet mogelijk en wordt voorlopig aangehouden. Het college van burgemeester en wethouders heeft echter wel besloten het verzoek, mèt dat van andere identieke locaties, te beoordelen in het nog op te stellen Beleidsplan voor de Openbare Verlichting in de gemeente Wânseradiel.

Bestrating Waltaweg: de gemeente heeft gezegd dat de herstrating van de Waltaweg staat op het investeringsprogramma 2000. Daarbij zullen ook de trottoirs aangepakt worden. Nog even geduld!

Over bovengenoemde onderwerpen houden wij u op de hoogte en zijn als bestuur van plan om de contacten met de gemeente te intensiveren.

Het aantal uitgezette enquêtes door dorpsbelang was 155. Er zijn 105 enquêtes opgehaald c.q. ingeleverd, een percentage van bijna 68%. Hiervoor willen wij u hartelijk bedanken, want ten opzichte van andere dorpen is dit een uitstekend resultaat.

Bestuur dorpsbelang Tjerkwerd e.o.

Bydragen

De vrijwillige bijdragen zijn binnengekomen van:

D. van der Wal uit Dedgum, Fa. de Wolff van de Hemdyk,
Goeman van de Sylroede, H. Kooyenga van de Waltaweg,
E. Huisman- Stellingwerf, F. Gietema van de Singel,
J. de Jong- Visser van de Sylroede, B. T Dijkstra van de
Sylroede, Sj. en S. Buwalda uit Sneek, G. Stremmer van Arkum,
R. Galama van de Kerkstraat, A. de Haan en M. de Haan - de Jong
uit Bolsward, J. de Vries, S. Miedema van Eemswoude,
F. Reitsma uit Koudum, J. Witteveen van de Waltaweg,
K. Abma uit Sneek, J. Wiersma uit Parrega.

Hartelijk dank voor jullie bijdragen!!!!!!!!!!!!!!

GILLENDE KEUKENMEIDENBEZOEKER

De overgebleven letters vormen nog twee woorden.

G	K	I	L	G	N	I	T	H	C	I	L	R	E	V	T	S	E	E	F
N	K	E	L	L	N	G	L	F	E	E	S	T	K	L	E	D	I	N	G
E	E	A	E	E	E	E	N	I	S	K	D	K	F	E	T	E	E	E	
G	O	M	E	Z	W	K	K	Z	F	N	K	A	A	R	M	G	B	E	J
N	Z	M	D	E	U	N	E	E	E	K	M	A	A	I	A	N	R	K	
I	E	A	E	N	E	M	E	U	R	L	I	O	K	R	K	B	O	E	N
G	B	R	R	E	E	R	T	S	S	L	A	P	E	S	T	B	E	A	
I	S	G	E	S	N	K	T	S	I	O	V	I	J	E	J	E	P	E	R
D	R	O	N	O	S	C	D	E	R	B	E	D	G	E	N	P	N	N	D
O	A	R	M	I	A	S	B	Y	W	E	N	S	K	A	A	R	T	E	N
N	A	P	E	D	M	E	I	L	T	I	K	S	K	L	O	S	N	K	N
T	J	D	E	U	Z	M	O	K	K	L	N	A	F	E	E	E	L	E	M
I	W	A	L	O	A	T	E	T	V	O	A	L	Z	J	K	O	G	R	O
U	U	L	E	D	S	R	S	T	E	R	E	A	S	A	K	A	L	S	O
S	E	K	V	T	K	R	A	P	S	P	N	N	M	G	D	A	B	T	B
N	I	E	S	K	E	A	E	L	P	G	A	R	E	T	A	C	A	S	T
E	N	R	L	K	R	N	I	A	E	R	E	L	S	H	S	F	K	T	S
T	E	O	T	T	Z	O	N	K	V	U	E	R	E	E	R	K	A	R	
K	K	N	A	C	H	T	M	I	S	I	E	E	K	L	E	R	E	L	E
K	E	R	S	T	A	V	O	N	D	F	V	U	U	R	W	E	R	K	K

ADVENT
ARPELAPPEN
BAKKER
DRANKJE
ENGEL
FAMILIEBEZOEK
FEESTDAGEN
FEESTKLEDIG
FEESTVERLICHTING
GEBAK
GEZANGEN
GEZELLIG
INKOPEN

KAARSEN
KAARSLICHT
KERKKLOK
KERSTAVOND
KERSTBOOM
KERSTCADEAUS
KERSTKINDJE
KERSTMAALTIJD
KERSTMUZIEK
KERSTSTAL
KERSTSTOL
KLOKGELUI
KNUS

KRANSJES
KRIBBE
LIEDEREN
NACHTMIS
NIEUWJAARSBEZOEK
OLIEBOLLEN
OS-EN-EZEL
PROGRAMMA
ROTJE
SFEER
SMULLEN
SNEEUWEN
SNOEPEN

STEMMING
TAART
TAFEL
UITNODIGINGEN
VAKANTIE
VERHAAL
VERMAKEN
VUURWERK
WENSKAARTEN

Bylâns de Trekfeart

Bydragen oer minsken en dingen út

Tsjerkwert en omkriten

Troch Gerben D. Wijaya

Aldste ynwenster fan Tsjerkwert op 'e tekst oer de ieu dy't achter ús leit

Jt is moandei 6 desimber as Trudy Witteveen en ik by frou Sytske de Jong fan de Waltawei op besite binne. Wyld waait de wyn om hûs en hear en út en troch slacht it reinwetter tsjin de ruten. It is klearebare hjerstwaar. De winter liket noch fier fuort. Yn 'e keamer by Sytske de Jong baarnt de kachel dat it is dêr noflik waarm. Sytske is fan oktober 1907 en hja is dêrmei de aldste ynwenster fan Tsjerkwert. Reden foar de redaksje om oan 'e ein fan dit bysûndere jier 1999 mei har werom te sjen op 'e ôfrûne ieu.

Millenniumgekte

Elkenien hat hjoeddedei de mûle suver fol fan de ieuwikel dy't der oan stiet te kommen. Ynjûn troch de kompjûtereangst hat de millenniumgekte fierder om him hinne slein, mar Sytske de Jong fynt it mar in drokte om 'e nocht: *"Ik fyn it mar hiel gewoan hear. Se binne tsjintwurdich net wiis."* Sytske hat wol foar hitere fjoeren stien en se kin it witte ek. Mei har 92 jier hat se al in hiel libben achter har en hat se de iene feroaring nei de oare meimakke. In protte hat se yn de rin fan de jierren ek bewarre. Wêrom? Se laket om dy fraach: *"Och it is gewoan leuk. Se fine hjir wol wat as ik der net mear bin."* Sa leit bygelyks it earste nûmer fan ús doarpskrante op 'e tafel. In namme hat it dan noch net. In grut fraachteken siert de omslach.

Bakkerij

Sytske waard yn 'e buorren berne, yn 'e bakkerij fan Germ de Jong en syn frou Doutzen. Se wie de jongste fan trije bern. Earst wie it net Germs doel om hjir bakker te wurden. Yn 1898 wie de ferkearing útrekke en sette de bakkersfeint fan doe nei it fiere Amearika ta om dêr syn lok te sykjen. Fan klearbare ûnwennigens wie er binnen in jier werom yn Tsjerkwert. Op âld iis friest it fûl, seit men wol. De ferkearing kaam wer oan en Germ troude mei syn Doutzen en hja krigen dus trije bern.

It doarp wie doe noch ryk segene mei tal fan winkeltjes. *"Dêr koe men doe net sûnder no."* Yn de winkeltsjes moeten de lju elkoar en dêr wie tiid foar in praatsje. En foar de minsken bûtenút betsjutten de winkellju in protte. Sa hie Sytske har heit in bolkoerrinder yn tsjinst: Siemen Sijsma dy't der mei de hânkarre op út trok, de buorren troch, de Waltawei del en by de pleatsen lâns. Mar ek bolkoerrinsters wiene der as it drok wie. Dat wiene bygelyks widdofrouwen dy't wol in pear sinten brûke koenen. Foaral mei de Sinteklazetiid en de Krystdagen. Oare winkellju hienen in hynder en wein of in bakfyt. Trudy wit te fertellen dat al dy lytse winkellju fanút de grutte stêd Boalsert befoarriede waarden.

Sytske fertelt fierder oer de bakkersoven dy't noch mei takkebosken stookt waard. Dy bosken waarden boppe op 'e souder opslein. En de turven dy't de turfskipper brocht hie, sieten yn't turfhoek. Dy turfskipper lei meastentiids oan 'e Kade, mar ek oan 'e ein fan de Waltawei lei in turfskip, dat fan Alt en Hiltsje de Vries. Yn de bakkerij waard fan alles makke. Dêr kin de hjoeddeiske skaalfergrutting noch in puntsje oan sûgje. Bakkerijen ha no de grutske muoite om de holle boppe wetter te hâlden en wurde samar oernommen. Gjin wûnder dat Germ, de lêste bakker dy't al nei Boalsert ferfard wie op 't lêst sei: *"Ik hâld der mei op. Ik wol net fergees foar de supermarkten wurkje."* Mar in inkele bakkerij kin it mei har spesjalisme no noch rêde: de Molkwarder koeke of de pipernuten fan Modderman fan Rotsterhaule bygelyks. De Jong koe lykwols alles: fan pipernuten en taai oant koeken en roggebrea, fan poffen en kuch (tarwebôle) oant krintebôlen en krystkrânsen ta. Ek bakken (beskuten) waarden yn eigen bakkerij makke. Fan moarns ier oant jûns let wie men yn't spier. *"Fan freed op sneon kaam heit nei iens op bêd fan al dy drokte. Dan krûpte ik lekker by mem yn 'e bedstee* Letter, doe't se grutter wie, moast Sytske helpe yn 'e winkel. En as se pipernuten weage mocht, dan ferdwûn der wol gauris ien by har yn 'e mûle. Se kin der no wol om laitsje: *"Dat wie ommers ús snobjen."*

Skoalle

Sytske hat de krislike skoalle oan 'e Waltawei besocht. *"Dy bestie doe noch út twa lokalen. Dy wiene heech, mei wat platen oan 'e muorre, mei hege ruten en op 'e ûnderste ruten siet in laach matglês, sadat wy net nei bûten sjen koene. De 'hoofdmeester' wie Quarree en de 'ondermeester' Osinga. Letter is dêrnoch in klasse achter boud. Dêr kaam juffer Stap yn mei de jongste bern."*

It wie noch yn de tiid fan rigen banken yn 'e klasse, mei in grutte swarte kachel dy't achter yn it lokaal stie te brullen, fan in klompekast op 'e gong, wylst der skreaun waard mei in griffel op in laai. In doaske mei in spûns hearde steefêst ta de attributen fan de jongste skoalbern. De âlderen hienen in inktpotsje yn 'e bank. Oft it ek streng wie? *"Dat foel wol wat ta. Ik moast gewoan gûle doe't ik fan skoalle moast. Sa hie ik it nei 't sin. Mar bern dy't ûndogens wiene bedarren yn 't koalehok."* Nee, Sytske hat dêr nea yn sitten. It griist har ek oan. Bûten boartsjen barde gewoan op 'e dyk. It ferkear op 'e Waltawei stelde noch neat foar. It heucht har noch dat de earste auto hjir kaam. Dokter Beekhuis fan Boalsert hie de koets mei hynder ferwiksele foar in echte 'automobiel mei sjauffeur'. *"Dêr hiene wy doe fansels wol niget oan. Hy hie in fêste rûte troch de doarpen. Do koest de klok der op gelyk sette."*

It oare ferfier bestie út hynder en weinen, wylst op de Trekfeart de skûtsjes delkamen, it frachtskip út Dedzjum dat bakkerijguod út Ljouwert meinaam of de beide steamboaten dy't op Boalsert farden. *"Dat wiene de wite en de swarte. De wite hie in namme 'Johanna Jacoba'. Dy kaam fan Warkum. De swarte wie fan Van Dyk en dy kaam út Makkum. It wie gewoan in feest as ik mei mem ris mei mocht mei de boat nei Boalsert ta. Mei moai waar koest op it dek sitte. As it min wie, wie der plak yn 'e kajút."*

Ferpleechster

Nei de legere skoalle woe Sytske wol ferpleechster wurde. Hoewol't se as bern gjin bloed sjen koe en der dan samar hinne siigde, like dit berop har dochs moai ta. Dat op in dei gong se mei mem nei it Diakonessensikenhûs yn Ljouwert. *"Ik nei in suster dy't op 't lêst meidielde dat de dokter my noch ûndersykje moast. Mar dy man hat my ôfkeurd! Hy fûn dat ik net sterl genôch wie."* Hy moast ris witten ha dat Sytske no by de âldere Nederlanners heart. Letter soe se dochs noch har fak útoefenje. Dat siet sa



Foar de bakkerij f.l.n.r.
 Omke Hotze Rusticus
 heit Gerben de Jong
 Sytske de Jong
 Mem Douwtje de Jong-Rusticus
 Broer Roelof de Jong

Yn de bakkerij f.l.n.r.
 Bakker Gerben de Jong
 Soan Roelof de Jong
 Feint Johannes Antonides
 Feint Wiepke terpstra
 Feint Oepke de Boer





Yn de bakkerswinkel
 Roelof de Jong syn frou Tetje Engelsma
 En Gerben de Jong syn frou Grietje Kuipers



Siemen Sijsma, de bôlekoerrinder
 neamden se wol "it nijsblêd"
 om't er altyd alle nijsjes wist
 te fertellen. Op é karre leit it jok
 foar de grutte kuorren.

Bylden fan de âlde Waltawei mei fan boppen nei ûnderen
De kristlike skoalle, by foeraazjeman Reidsma foar hûs en op 'e hichte fan it
postkantoar. Links op dy foto is noch de brêge oer de Waltawei te sjen.



In neef fan har, Sibe Sipke de Jong, hie in tumor yn 'e rêch en dat doarden se yn Grins net te operearjen. Jierren hat er dêr lein. Troch in útfanhuzerij yn Tsjerkwert is er dêr bleaun en doe hat Sytske de fersoarging alhiel op har nommen, 22 jier lang, earst mei help fan in wykferpleechster. Se neamden him ek wol master Sibe, om't er fan syn bêd ôf akkordeonles, Fryske en Ingelske les joech. Boppedat spande er him tige yn foar Esperanto, de wrâldtaal dy't him oan kontakten holp oer de hiele wrâld. Wat hie E-mail wat foar dizze man west, tinkt men dan wol ris. Doe gie alles noch troch de hannen fan de pleatslike postrinder Wieger de Jong. It postkantoar stie in pear huzen fierderop op nûmer 7. Om't it postrinnen gjin folsleine baan wie die de kantoarhâlder der skuonmeitsjen neist.

De grutte brân

In brân is in barren dat yn 't ûnthâld fan in bern skerp bybleaut. Yn 1911 baarnde de timmersaak fan Rienk Posthumus folslein ôf. Ek de Iepenbiere Skoalle moat neffens Sytske slim rekke wêze troch oerslaand fjoer en yn 'e buorren wie elkenien bang dat it fierder oerslaan soe. De ienfâldige brânwar kaam yn dy tiid noch mei hynder (de kêde fan Tjitte Wijngaarden dy't mei de potkarre ried) en wein en it slagge de mannen om de brân master te wurden. Sytske wit noch dat it betiid op 'e moarn wie en dat se út eangst foar oerslaan fan flammen fan bêd ôf moasten. It makke oa sa'n yndruk.

"Foarhinne wennen hjir op 'e Syl (no Waltawei) twa slachters. Dêr't Jan Witteveen no wennet dat wie in herberch De Vlijt en weinmakkerij. De famylje Zwaagstra hie in autobus dêr't se mei nei Boalsert rieden. De Harmonie wie ek in herberch mei boppeseal en krudenierswinkel. Der hat ek in tiid west dat der twa bakkers wennen. Hjir neist my yn't hûs fan de dames Bakker hat ek noch in tiid lang in bakker Damsma wenne."

Desimberfeesten

Un dizze desimbermoanne mei al syn feesten is it aardich en sjoch hast in ieu werom yn de tiid. It Sinteklaasfeest betsjutte yn de bakkerij ekstra wurk. In taaiplanke oan 'e muorre docht tinken oan de tiid dat de heit fan Sytske noch folop yn't spier wie om taaimannen en -frouwen te bakken. "Ja..." ,

fertelt se mei in bliere laits op har gesicht, "dan waarden de jongfeinten ferrast mei sa'n grut wiif fan taai!" Mar fierder wie it in feest fan bang meitsjen. "Se makken je froeger allinne mar bang mei dy Sinteklaas. Wy wisten ek net iens hoe't er der út seach. Op fiif desimber setten wy op by de kachel en de oare moarns betiid mochten wy sykje. Earder hong ik wol ris in sokke oan de skoarstienmantel, mar dy bleau fansels leech. Mei in keatling waard wol op 'e doar rattele. Dat wie om ús bang te meitsjen. Dan fleach ik de bakkerij yn. Heit sei dan: Jan fan de verver hat it dien. Wês mar net bang. Nee, wy hiene net in byld fan dy Sinteklaas. En Swarte Pyt bestie alhiel net yn ús tiid. Dy is der letter pas by betocht.

Ek de krystdagen wiene foar de bakker wer drokke tiden. Op skoalle barde eins neat gjin bysûnders. Gjin fersieringen meitsje, gjin krystbeam of in kearske oanstekke. Nee, der kaam in plaat oan 'e muorre en dêr fertelde de master it ferhaal by. "Yn myn bernejierren stie yn gjin ien hûs in krystbeam mei kearskes. Yn in grutte stêd as Ljouwert wie dat doe al wat begûn. En as bern fierden wy ek gjin Krystfeest yn tsjerke. Dat barde yn skoalle, sûnder krystbeam, mar wol mei in beker sûkelademolke en nei ôfrin in synappel om mei nei hûs te nimmen. Letter mocht ik sels helpe mei sûkelademolke ynskinken. Dat wie wol moai". Alle glitter en ljochtsjeboel fan dizze tiid wie doe noch 'uit den boze' en waard earder sjoen as heidske gewoanten. It duorre noch hiel wat jierren ear't de krystbeam yn tsjerken gemienguod wurden wie. Faaks dat wy dêr in oare kear noch ris op yn gean sille.

Ta beslút de jierwiksel. Dat wie foar it bakkersgesin in kwestje fan foar tolven gau op bêd, want men wie wurch fan alle drokten. Logysk dat dy minsken harren op âldjiersjûn net noch ris drok meitsje woenen. Yn it nachtlik tsjuster waard noch wol by harren op 'e ruten kloppe en der klonken stemmen dy't in lokkich nijjier tawinsken, mar yn it hûs fan de bakker bleau it tsjuster en stil.

Nettsjinsteande de ellende dy't winters mei harren meibrochten, wie in winter mei snie en iis fansels ek doe ien grut feest foar de bern. "Mar it hat ek ris sa fûl ferzen dat de hiele bakkerij ûnder it iis siet. Der koe al gau riden wurde hjir achter op 't Leech. Dat stie dan ûnder wetter. En ek op ' Sylroede setten wy dan op redens nei de mole ta. Dy Sylroede kaam fan Blauhûs troch de lannen en hjir achter de huzen lâns rûn de achterhûsfeart. De Sylroede kaam by Bert Miedema ûnder in brechje troch op it grutte wetter út. Yn dy tiid lei in houten brêge oer de Waltawei. Mar dat hjitte op dit ein doe ek Sylroede. As't op redens hjir ûnder troch woest dan moast altiten goed oppasse, want der wie faak mei sân op 'e brêge struid en dat

koe ek op it iis komme en dêr koest aaklich troch falle. Op 'e Trekfeart wie it noait moai riden. De skippen holden it sa lang mooglik iepen. Dêrtroch siet it fol skossen. Bern kamen dêr wol op, mar dat wie fol gefaar. Allinne by it Trekpaad lâns wie in baan dy't te beriden wie as it iis sterk wie." Yn dy jierren waard dan ek wol in Alvestêdentocht holden. Benammen dy fan 1963 stiet Sytske noch goed foar eagen, om't it doe sok ferskriklik min waar wie. Kjeld, hurde wyn en in bulte snie dat jin yn it gesicht snijde. Brrrrr.

Ta beslút

In moai skoft ha wy geniete fan Sytske har oantinkens. It wie in oare tiid dêr't se oer fertelde en as de skille yn 'e gong giet, binne wy ynienen werom anno 1999. Rudolf Huisman, de molkboer út Boalsert is oan 'e doar. *"Dat is no sa handich. Alles wurdt my thús brocht, ja sels oan 'e tafel ta suver. Ik kin alles by him krije. Wat is dat maklik. Middeis krij ik it iten fan Tafeltje Dekje út Huylckenstein en griente en fruit wurdt ek noch oan hûs besoarge. It is no noch makliker as froeger doe't it doarp noch fol winkeltjes stie."*



! OPROEP OPROEP OPROEP OPROEP OPROEP OPROEP OPROEP !



Stichting Kinderopvang Zuid- West Friesland
zoekt een gastouder voor een baby in Tjerkwerd,
voor 4 of 5 ochtenden per maand.

Heeft u belangstelling?

Bel dan voor meer informatie het gastouderbureau
in Witmarsum. Tel: 0517 - 532084.



Stichting It Waltahûs



Hoor de wind waait door de bomen.

Ja, geachte Tjerkwerders hij is er weer.

Op 20 november zat hij in het Waltahûs
compleet met zwarte pieten, cadeautjes,
blij kinderen, en veel pepernoten.

Wat wil je nog meer!

Niet alleen de komst van Sinterklaas was reden om
naar het Waltahûs te gaan maar ook de play-back-show
dezelfde dag met verrassende optredens die één voor één
weer allemaal geweldig waren.

Ook de bingo avond en het pyjamabal waren leuke avonden.

Het 75 jarig feest dat Dorpsbelang gaf was tevens zeer geslaagd
door de aanwezigheid van de gebroeders Anker, iets wat je zeker
niet had mogen missen.

Dit en de ledenvergaderingen van de verschillende verenigingen
maakte o.a. de maand november erg druk maar gezellig.

Tot slot willen wij iedereen alvast fijne feestdagen toewensen
en tot 1 januari 2000

Stichting Doarpshûs It Waltahûs.

De uitslagen van de play- back show:

De jeugd van de basisschool.

1. Geertje Haytema met Shania Twain - Man, I feel like a woman.
2. Yme Gietema, Pier-Jan Zijsling, Tymen Steur, Paulus Witteveen en Ruben van der Zee met De Boswachters - Het bananenlied.
3. Helena Zysling, Hilda Galama, Welmoed Blanksma en Siemke Huitema met A- Teens - Super Trouper.

De oudere jeugd en volwassenen.


1. Het nonnenkoor o.l.v. Jeanet Volbeda en Marieke Walsma
2. Sytske Gietema met Shania Twain - Honey, I am home.
3. Een 8 tal uit Dedgum met Het big brotherlied.

Tot slot ging de Pier Zysling bokaal (wisselbeker) naar:

Geertje Haytema met het lied:

Man, I feel like a woman van Shania Twain.

De Stichting.



Nationale Collecte Verstandelijk Gehandicapten

Achte bewenners fan Tsjerkwert - Dedzjum en omkriten.

De "Nationale collecte verstandelijk gehandicapten" hat it moaie bedrach fan f. 553,40 opbrocht.

Allegearre tige tank foar jimme jefte.

Graach soe ik foar it kollekte rinnen yn 2000 wat help ha wolle.

Foar Tsjerkwert hat him al immen spontaan opjûn, dat no sykje ik noch ien dy 't foar Tsjerkwert en ien dy 't yn Dedzjum rinne wol.

'k sjoch mei belangstelling út nei in telefoantsje: 57 97 47

in hertlike groet fan

Rens Bakker

Waltawei 5, Tsjerkwert.



Even voorstellen



Dag lezers van 't Skieppesturtsje.

In het vorige dorpskrantje werd gevraagd of nieuwe bewoners zich willen voorstellen, dus bij deze:

Wij; Sijmon, Riemkje & Hidde Lemstra zijn sinds 15 mei jl. in Tjerkwerd komen wonen, aan de Sylroede 5.

Wij hebben in oktober 1998 het huis van Jan & Ineke Dijkstra gekocht.

Voor Tjerkwerd hebben we 13 jaar in Almere gewoond en gewerkt.

Een jaar of 2 geleden hadden we besloten weer terug te gaan naar Friesland, omdat we Hidde (2 jaar) in een wat andere omgeving wilden laten opgroeien, dan in de grote stad. Sijmon ging op zoek naar werk en kon in juni '98 bij Wiersma transportbedrijf in Bolsward aan de slag als Planner.

Hidde en ik hebben nog een maand of 10 in Almere gewoond en Sijmon woonde bij mijn ouders in Franeker.

Oorspronkelijk zijn we dus ook Friezen, want we komen allebei uit Franeker. Vorig jaar hebben we ons huis in Almere ook te koop gezet en binnen 10 dagen was alles al rond.

De bewoners wilden er 15 februari '99 al in, dus hebben Hidde en ik ook nog tijdelijk bij mijn ouders gewoond, tot we de sleutel van de Sylroede kregen. Tijdens het opknappen van ons huis, kreeg ik ook een baan in Leeuwarden. Ik ben groepsleidster bij lichamelijk gehandicapte mensen.

Inmiddels beginnen we onze draai te vinden in Tjerkwerd en vinden het erg leuk hoe veel hier georganiseerd wordt.

We hopen hier lang te wonen en mét net zoveel plezier als we altijd in Almere gedaan hebben!

Groetjes en tot ziens
Riemkje Lemstra
ook namens Sijmon en Hidde

 **Boargerlike stân** 
*Meidielings foar dizze rubryk graach
skriftlik oan 'e redaksje*

Eerst was je negen maanden ver
steeds kwam je dichterbij
nu telt de hemel weer een ster
fantastisch - dat ben jij.

Dankbaar en blij zijn wij met de geboorte van
onze dochter:

ILSE COLETTE

Tjerkwerd 19 oktober 1999

Theo en Mireille Galema
Sylroede 22
8765 LW Tjerkwerd
Tel: 0515-579338

Jildou Marije


*Yn 'e wolken binne wy mei de
berte fan iis twilling*

& Marrit Rixt

5 oktober 1999

*Bouwa & Anneke
Speerstra - Vrieswijk
Berber*

*Ymswâlde 10, 8765 LT Tsjerkwerl
Till.: 0515-572635*





Snypsnaren



Ek al hie it hynder in grouwe poarsje 'pasta' opiten (in soartemint fan 'tranquillizer' foar bisten -red-), Sint woe der net oan. 'Jou my dy lytse hapkes mar, dat liket my wol sa feilich.'

In prachtige fjoertoer yn de trekfeart. It kin hast net oars, dat is O. Postma syn wurk. Wy tochten dat it de toer fan it Amelân is, mar wy binne der net hielendal wis fan.

B. Dijkstra makke jûns noch in slach om de buorren doe't yn it aaklike tsjuster samar ynienen in auto stil en kalm him sawat oer de teannen ried. It wie in pear kear fan 'humperdebump' en doe skeat de wein healwei de sleat yn. A. Draaisma hie kreas de kar op de útrit parkeard, doch de hânrem wie him troch it sin gien. Tja, dêr giet it dan hinne.... Trekkerspesjalisten gebr. De Boer hienen de wein gau wer op it droege en lokkich foel de skea ta....

Allegear te sjen op ien jûn en yn ien doarp. De piperige 'spice girls' fan Waltawei en Sylroede en de 'swinging' swarte nontsjes fan Ymswâlde!

De 3^e en 4^e klasse M/H hienen in pracht fan in jûn organisearre. It wie grut feest. Eefkes gjin stúdzjehûs, mar Waltahûs!

S. Witteveen seach de grize reek kringeljen efter de pleats fan de Dykstra's en warskôge fuortendaliks de bewenners. De poeierblusser kaam yn oanslach en dove it fjoer al gau. Wat de Arbo oanbelanget hat Joh.D. lokkich alles goed yn 'e oarder. En Suzanne waard beleand mei in grouwe taart. Mem fûn de slachrjemme hearlik.

De ynfoerrjochten yn Noarwegen binne net om 'e nocht. L. Huisman woe in freon bliid meitsje mei in flesse wyn. It duorre in fiif wike ear't dy it kadootsje ûntfong. De ferrassing waard noch grutter doe't de bêste man ek noch in rekken krige fan de Noarske 'KPN'. Ûn djur flúske, putjundúkke.....

It jier 2000 komt deroan. As elk no goed op himsels past, rekket gjinien 'yn't millennium' wei.

It Nijjiersbal, net ferjitte.....! Wat krijt de skieppesturt 1999?

Kopy graach foar 13 maart.....

**De redaksje winsket elkenien
Noflike krystdagen
In goede millenniumwiksel
En boppedat in sún en fredich 2000**



De iisbaan op It Leech joech yn earder tiden
winterfertier. Dit lân wie fan boer Huitema.
Hjoeddedei kin der riden wurde op 'e iisbaan
besiden de Himdyk.